

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 48



© Foto útjouwer van der Meulen bv Snits

Tsjaerddyk 48

Douwe Lucas Elsinga (út Marsum) is skuonmakker yn Folsgeare. Yn 1846 trout hy mei Jeltje Pieters Bergsma. Hja is widdow fan Bokke Pieters Nettinga. Fan him learde hja it fak fan skuonmakker. Dêrneist wie se naaister. Jeltje hat twa lytse dochterkes, tegearre krije Douwe Lucas en Jeltje noch seis bern. De húshâlding wennet sûnt 1850 yn 'e Tempel.

Jeltje Pieters ferstjert yn 1860 en Douwe Lucas Elsinga trout opnij yn 1863 mei Tjitske Elzer. Hja is widdow fan Jurjen Sweering en nimt har jongste bern, Maaike en Hindrik, mei. Tegearre krije Douwe en Tjitske noch in soantsje dat mar 10 moanne âld wurde sil.


Yn 1876 keapet Douwe Lucas in stikje grûn fan de tsjerkfâden. De grûn is in part fan it 'Tsjerkepôltsje' tsjin de tsjerke oer. Dit perseel wie nei de ôfbraak fan it pastoarshûs/pastory net beboud. Meidat de tsjerke fanwege de bou fan 'e nije tsjerke ferlet fan jild hie, koe Douwe Lucas dêr in stikje fan keapje. Lykwols waard it 'Tsjerpôltsje' jierren letter 'Piers pôltsje' neamd. Pier Cnossen kaam om 1940 hinne te wenjen op Tsjaerddyk 38. Hy liet syn stikmannich kij weidzje op dit stikje grûn.

Douwe Lucas lit hjir yn 1876 in hûs bouwe troch syn buorman, timmerman Gerrit Monsma. As it hûs klear is, ferhúzje Douwe en Tjitske mei de noch ynwenjende

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 48

bern Akke Douwes en Hindrik Sweering, tegearre mei harren help yn 'e húshâlding Akke Hendriks Ykema, nei harren nije hûs.



Tresoar:
Situaasje 1880

Douwe Lucas wennet hjir net sa lang, want hy ferstjert op 8 maaie 1878 op 57 jierige leeftyd. Soan Lucas Douwes is dan skuonmakersfeint yn Hartwert, mar komt nei it ferstjerren fan syn heit werom nei Folsgeare om de saak oer te nimmen. Yn datselde jier trout Lucas yn septimber mei Antje de Bruin, berne yn Penjum, no tsjinstfaam yn Nijlân. Syn suster Akke Douwes ferlit it âlderlik hûs nei har trouwen mei Wigger Atsma út Wolsum.

Hindrik Sweering is by de boer en bliuwt by syn healbroer Lucas wenjen. Yn 1882 ferlit Hindrik it hûs om te wurkjen yn Toppenhuzen. Hy hat him wilens fersein oan Trijntje Tjeerds Wierda, berne yn 1857 yn Boazum, dy't yn Goaïngea wurket as tsjinstfaam. Lykwols, Trijntje komt te ferstjerren en Hindrik giet werom nei Folsgeare en wennet wer by Lucas en Antje.

Hy trout op 10 maaie 1884 mei Trijntje Breeuwsma en set him ta wenjen yn Abbegea.

It hûs sit ûnderwilens wer fol mei libben mei de twa bern Imkje (1880) en Douwe (1883) fan Lucas Douwes en Antje, mar it wurdt tige stil as op 27 augustus 1884 Lucas Douwes hommels ferstjert. Antje en de bern geane yn novimber 1884 werom nei har berteplak Penjum.

It hûs stiet in pear moanne leech, oant Hein Stallinga en Antje Hok der nei harren trouwen yn maaie 1885 hinne geane te wenjen. Hein is skippersfeint yn Nijlân en Antje tsjinstfaam yn Ysbrechtum. It befalt harren net yn Folsgeare, want yn 1886 ferhúzje se alwer.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 48

De neikommende bewenners binne Afke Kamstra (berne yn it tsjerkehûs súd oan'e Tsjaerddyk yn Folsgeare) en Jan de Jong út Drylts. Hja trouwe yn 1887 en ferhúzje nei Tsjaerddyk 48, tegearre mei Afke har mem. Afke ferstjert yn april 1888, in moanne nei de berte fan har dochter.

Jan de Jong trouw opnij mei Sjoukje Kamstra (nicht fan Afke) . Hja ferlitte de wente yn 1889.

Ruurd Abma en Johantje Visser trouwe op 16 maaie 1885 en wenje fuortoan yn it tsjerkehûs súd. Ruurd is in echte Folsgeaster, mar is boerefeint yn Hidaard.

It wurk by de boer is net syn ropping en nei syn houlik set hy útein as lapkekeapman mei Johantje dy't naaister is, oan in nij aventoer. Ruurd is no lapkekeapman / arbeider en giet mei in rêchpûde dêr't syn lappen yn sitte, by de doarren del.

Nei de berte fan harren fjirde bern ferhuzet de húshâlding nei Tsjaerddyk 48 en se sille hjir wenjen bliuwe oant 1914.

Folsgeare om
1938 hinne



foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Fan 1914 ôf wurdt it hûs troch ferskillende húshâldings bewenne.

Doarpsgenoaten Gerrit Rijpma en Rinske Goudberg, dy't yn oktober 1966 trouwe, komme yn datselde jier yn it hûs. Yn dit skoft kriget it hûs in oar dak.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 48



Foto Piet Speelman

Lang bliuwe Gerrit en Renske net op dit adres, want yn 1971 komt Piet Speelman mei syn frou Anneke de Jong yn it hûs. De wenning wurdt troch dizze nije bewenners yn'e rin fan'e jierren yngreven opknapt en útwreide. It âlde hûs is nei it grutte tal ferbouwingen net mear werom te kennen.



Foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 48

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytse Heida

Foto's: Atse Bruin, Piet Speelman, útjouwerij van der Meulen bv Snits, Tresoar

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.